



→111231.[3def].FFU.jierfersl.2011

## NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2011

### Ynlieding

Yn 1987 is de *FFU* oprjochte. Doe waard betocht dat it 50 jier lyn wie dat it Frysk yn it primêr ûnderwiis tastien waard. Yn dy tiid waard ornearre dat it Frysk yn it ûnderwiis noch altiten net in soad foarstelde en dat der noch hiel wat dien wurde moast om it Frysk as taal in folle better plak te jaan. De *FFU* is oprjochte om de krêften te bondeljen fan alle belanghawwenden by en belangstellenden foar folweardich Frysk ûnderwiis en om dat *formeel* ('de jure') en yn de *praktyk* ('de facto') in op syn minst oan it Hollânsk lykweardich plak yn te jaan.

Yn 2012 binne wy 25 jier fierder en noch altiten is ús doel hein nochte nei net berikt. Botte fleurich wurdt men dêr dus net fan, al wurdt der hjoed-de-dei ien en oar op gong brocht dat fan betsjutting wêze kin foar de takomst. Wy tinke dêrby spesjaal oan de trijetalige skoalle (basis- en fuortset ûnderwiis) mei in folweardiger plak foar it Frysk. It Frysk heart sadwaande ek de fiertaal te wêzen by in stikmannich oare fakken as it Frysk as fak.

Yn alle gefallen tinke wy deroer nei hoe't wy omtinken jaan sille oan ús 25-jierrich jubileum. Dat sil tige beskieden wêze moatte, omdat wy net folle jildmiddels en mankrêft (wêr bliuwe de froulju?) ta ús foldwaan hawwe. It liket derop dat wy ús oanslute kinne by in symposium dat organisearre wurdt troch *Mercator*. Yn dat ramt soene wy efter- en foarút sjen wolle. Us foarsitter, Tom Dykstra, sil te set mei in betinkingsartikel yn *Swingel*.

Wêr't it hinne moat, dat hawwe wy by ûnderskate gelegenheden buorkundich makke. It skriuwen fan brieven en oare stikken en it meidwaan yn netwurken (sjoch fierderop) binne ús foarnaamste wapenfeiten. By de provinsje Fryslân en (guon) gemeenten wurde wy aardich serieuus nommen, yn Straatsboarch en Brussel ek, mar yn De Haach absolút net. Alteast, dat is ús oant no ta net opfallen. It bliuwt almeast by in ûntfangstbefêstiging fan ús brieven. Dat wy sille, wat aksjes yn de rjochting fan it steatsnasjonale regear oanbelanget, mei oaren ús krêften bondelje en yn de mande aksjes ûndernimme moatte. Der moat (folle) mear yn stelling brocht wurde as it skriuwen fan brieven.

Us eardere opropfen om ús mei jild en minsken te geriven, bliuwt dus stiif oerein stean. As wy wat wolle mei it Frysk, dan kostet dat sinten en tiid. It hat foar ús bestjoer dan ek wer in bannich jier west. Der kaam hiel wat op ús ôf op it stik fan it Frysk yn it ûnderwiis en wy wolle ek hiel wat wekker meitsje. Benammen by oerheden. Dan tsjinje wy ek it bêste de belangen fan Fryske âlden dy't wolle dat har bern safolle Frysk ûnderrjocht krije, dat se ús taal geef leare te praten en goed leare te skriuwen. En dat dy bern boppedat in goed oersjoch krije fan de Fryske skiednis. De eigen *taal* en de eigen *skiednis* binne neffens ús de twa wichtichste pylders fan ús identiteit.

Dat soks net bart, sit him foaral fêst op de steatsnasjonale wet- en regeljouwing dy't iensidich op it Hollânsk rjochte is. Regeljouwing dy't der foar it Frysk is, wurdt yn Fryslân yn it algemien net botte serieuus nommen en de ynspeksje makket him der net drok oer. Alden sille net gau yn ferset komme, benaud dat harren bern der op de skoalle lêst mei krije sille. De Hollânske tradysje is noch sa sterk dat koartlyn de fertsjintwurdigers fan de fjouwer Fryske ûnderwiiskoepels nei oanlieding fan de diskusje oer foechoerdracht oan de provinsje it kabinet witte litten hawwe dat sy gjin ferlet hiene fan mear ûnderwiis yn it Frysk, mar har op 'kwaliteit' rjochtsje woene ...! Krekt as soe it ûnderwiis yn it Frysk net ûnder dy kwaliteit falle (meie).

It ryk hammeret ek hieltiten iensidich op 'draachflak' foar it Frysk. In 'draachflak' dat krekt troch datselde Haachske anty-Fryske belied al in 200 jier ûnder druk stiet. De dêrtroch ûntstiene kromwoeksen realiteit wurdt sadwaande troch de gâns Frysktalige ynwenners net as ûnrjochtfeardich sjoen. Der is dan ek amper protest út Fryslân wei – ek net fan de Fryske oerheid. De Haachske oerheid wol de einferantwurdlikens foar it Frysk yn it ûnderwiis net oerdrage, derfan útgeande it sels better dwaan te kinnen no't it net sa goed giet. As soks werklik tinken wie, dan soe de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk as *ferplichte* fak, as *ferplichte* ynstruksjetaal (by oare fakken) en as *ferplichte* eksamenfak (foar alle Fryske learlingen) sa gau mooglik wetlik goed regele wurde moatte. Sa'n ferplichting moat effektyf kontrolearre wurde troch ynspeksje en evaluaasje-ûndersyk. Soks freget bygelyks om systematysk tafersjoch en toetsing, en net allinne fan 'rekenen en taal (= Hollânsk)'.

Hiemstra hat, as lid fan in toetskonstruksjegroep fan fjouwer minsken, in Cito-toets foar *begripend lêzen* (foar groep 8 basisskoalle) gearstald, dêr't de provinsje de jildmiddels foar frijmakke hie. Hy hat ek útstellen dien foar nije toetsen (efkes oanklikke op ús webstek by *Sjerp & Jittik*, maaie 2011). Wy sitte mei ûngeduld te wachtsjen op û.o. (noch gear te stallen) skriu- en staveringstoetsen foar it *hiele* basis- en fuortset ûnderwiis. Sokke toetsen moasten om it jild foarearst op har wachtsje litte en dat is net ferantwurde. Want it Frysk moat mear en better skreaun wurde yn ûnderskate domeinen. Dêr moat de grûnslach al ier foar by de bern lein wurde.

Omdat wy net in manmachtich bestjoer hawwe en der in beskate saakkundigens en grutte ynset frege wurdt, is it net maklik om gatten dy't yn it bestjoer falle, op te folgen. Wy besykje dat ynearsten op te heinen troch yntinsyf gear te wurkjen mei de *Ried fan de Fryske Beweging* (dêr't wy lid fan binne) en oare organisaasje dy't saakkundigen(s) hawwe (Fryske Akademy, Pedagogysk Wurkferbân). Wy roppe ús leden dan ek op om ús nammen troch te jaan fan lju dy't de winsklike kapasiteiten en motivaasje hawwe. Mear en better Frysk yn de hiele maatskippij slagget net as der net mear en better Frysk yn it ûnderwiis komt. Dêr moat de basis lein wurde.

It is ús spitigernôch noch net slagge om genôch help te mobilisearjen om in *Fryske Underwiispriis* fan 'e grûn te krijen. Us opropren dêrta hawwe gjin fertuten dien. Wy sille dêrom it kommand jier besykje om in stikmannich lju dy't har al jierrenlang warre of ward hawwe foar it *Frysktalich ûnderwiis* in *eare-oarkonde* (mei in mûnlinge en skriftlike laudatio as taljochting) út te rikken.

As bestjoer binne wy te minmachtich om in protte saken tagelyk te organisearjen. Boppedat moatte wy goed op 'e sinten passe. Wy binne gjin rike feriening en krije gjin subsydze. De bestjoersleden krije yn prinsipe allinnich in lytse fergoeding foar harren reiskosten. Omdat benammen foarsitter en skriuwer in protte op 'en paad binne foar de *FFU*, binne dat de wichtichste ûnkosten. Wy binne der dan ek tige wiis mei dat der noch altiten leden binne, dy't wat mear oermeitsje as de wenstige €10,-.

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan belesting, kinne dat it bêste dwaan troch dat oer te meitsjen op de rekken fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (rekkenûmer 11.23.454, o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding 'ornearre foar de *FFU*'). De Ried soarget dan dat it wer op ús *FFU*-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*).

It ledejild kin oermakke wurde op banknûmer 23.56.038, o.n.f.: *skathâlder FFU, dhr. E. Knotter, De Sweach/Beetsterzwaag*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden.

It tal leden ferminderet alle jierren wat troch ferstjerren, jildkrapte (it is krisistiid) ensfh. En der is amper oanwaaks. Wy hawwe ferlet fan nije leden en jildlike stipe om goed fierder te kinnen. Wy dogge hjirby in berop op al ús leden om der by Fryksinnige freonen en goekunde op oan te stean om ús te stypjen of om lid te wurden foar €10 jiers. It Frysk sit op it stuit yn in faze fan 'bestean of net bestean'. De bedrigings binne libbensgrut. De kommende tiid is it in saak fan derop of derûnder en dan is goed en foldwaande Frysktalich ûnderwiis yn en op *alle* skoaltypen fan krúsjaal belang foar de oerdracht fan it Frysk oan kommende generaasjes.

#### **A. Bestjoer**

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2011 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en twadde notulist gearkomsteferslaggen), Thys van der Veen (earste notulist gearkomsteferslaggen), Germ Gerbrandy. It gat yn ús bestjoer dat fallen is nei it ferstjerren fan ús skathâlder Rindert Straatsma yn 2006 kinne wy mooglik foar in part opfolje. It liket derop dat Geart Tigchelaar, in krekt ôfstudearre jonge frisist, ús it kommand jier as bestjoerslid by stean sil. Yn 2011 hat Geart al in pear gearkomsten mei draaid. Dêr binne wy tige wiis mei. Ferjônging is needsaaklik.

Yn 2011 kaam it bestjoer 7 kear gear by Klaske Straatsma te Ljouwert, dy't ús altiten tige let en set. Gearkomstedata: 12 jan., 16 maart, 25 maaie (DB en jiergearkomste), 31 aug., 20 okt., 23 nov. en 14 des. Yn de taakferdieling binnen it bestjoer is net folle feroare. Op 4 maaie binne de jierstikken ferstjoerd (Hiemstra, Knotter).

#### ***Njonkenaktiviteiten foar it Frysk en it Frysktalich ûnderwiis***

Foar it wurk yn de *FFU* is it fan wêzentlik belang dat wy 'netwurkje' en meidogge oan en yn (gâns) oare Fryksinnige organisaasjes en groepen. Oars binne wy net (goed) ynformearre en hawwe wy ek gjin ynfloed yn sokke organisaasjes of

op oaren. It binne organisaasjes dy't der ornaris ek belang by hawwe dat de Friezen goed Frysk leare te praten en te skriuwen en dus ús natuerlike freonen binne.

Tom Dykstra wie learaar en is aktyf yn de gemeentepolityk, fertsjintwurdiget de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging* en is foarsitter fan in kommisje fan de Ried dy't him dwaande hâldt mei de *Fryske Reklamepriis*. Hy sit ek yn it bestjoer fan de *St. Slach by Warns*. Dykstra is foar de *FFU* lid fan it *Grut Oerlis Oer Frysk Yntegraal* (GOOFY), in oerlisorgaan (oprjochte yn 2003) fan Fryksinnige organisaasjes dy't better mei-inoar gearwurkje wolle. Hiemstra is dêr syn ferfanger (twadde man) yn. Mei Hiemstra makket Dykstra diel út fan de *Oanfalsgroep* (mei as oare leden: Pier Bergsma, Jaap van der Bij, Renze Valk en Reinier Salverda) dy't it *Oanfalsplan Frysk* (2008) gearstald hawwe (mei Hiemstra as einredakteur), dat wer laat hat ta in symposium fan de Provinsje yn 2008 oer taalbelied. De groep hâldt sa út en troch noch ferfolchgearkomsten om him te berieden op nije aksjes. Dykstra skriuwt as *FFU*-foarsitter geregeld artikels oer it Frysktalich ûnderwiis yn *Swingel*, it tydskrift fan de Bewegingsried.

Sytze T. Hiemstra wie learaar en yn 2011 ek noch Afûk-lesjouwer (û.o. foar it *didaktysk foech* en *Fryske skiednis*) en siet yn de tige nuttige Afûk-wurkgroep B-,C-, Akte (foar learplannen en learmiddels) dy't yn 2010 spitigernôch troch Afûk-direkteur Koen Eekma opdoekt is. Ein 2007 is Hiemstra foar de *Fryske Rie*, dêr't er bestjoerslid fan is, yn de *Ried fan de Fryske Beweging* beneamd nei't de *Fryske Rie* him yn 2007 oansletten hie by de *Ried fan de Fryske Beweging*. Earder wie Hiemstra fertsjintwurdiger fan de *FFU* yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Hiemstra sit al jierren yn de wurkgroep *Frysk en Logopedy* fan de *Fryske Akademy*, dy't neigiet hokfoar Frysktalich logopedysk *testmateriaal* oft der ûntwikkele wurde moat en dêr inisjativen ta nimt. Dy wurkgroep hat altiten funksjonearre as provinsjale wurkgroep, mar is ein 2008 oergongen nei de *Fryske Akademy*, omdat de Provinsje, sûnder dêr in reden foar te jaan, de kommisje ynienen opdoekt hat en de leden dochs in taak seagen op it mêd fan it ûntwikkelje litten fan testen en toetsen.

Der binne ûnderwilens al aardich wat Frysktalige logopedyske ynstruminten ûntwikkele foar bern en grutte minsken en der is noch it ien en oar ûnderweis. Hiemstra hat yn 2010 mei Edwin Klinkenberg, metodolooch fan de *Fryske Akademy*, in wurkgroep oprjochte (in tinktenk mei as oare leden: Hester Deelstra, Siccó de Jong, Reitze Jonkman, Jan Oudeboon en Alex Riemersma) dy't û.o. neitinkt oer winsklike Fryske toetsingsmiddels foar it reguliere ûnderwiis (folchoetsen en eintoetsen). Hiemstra siet yn 2011 foar de Provinsje yn in konstruksjegroep fan fjouwer minsken dy't in *Fryske Cito-toets* foar *Begripend Lêzen* (foar groep 8 fan de basisskoalle) ûntwikkele hat (begjin 2012 ferskynd).

Hiemstra is al jierrenlang bestjoerslid fan de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* en sit de lêste jierren ek yn it (lanlike) *VLLT*-haadbestjoer. Hy makket sûnt 2007 diel út fan de *Nederlânske Kommisje* fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (*EBLT*) as fertsjintwurdiger fan de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* (*VLLT*). Hy stelt dêr de Fryske ûnderwiisproblematyk en de meartaligens geregeld oan de oarder. Hiemstra sit foar de *Fryske Rie* yn de *RfdFB*, hat in sit yn de redaksjerie fan *Swingel* (foar de *FFU* en de *Fryske Rie*) en skriuwt dêr út en troch artikels yn, û.o. as skriuwer fan de *FFU*. Hy makket ek diel út fan in kartografygroep fan de *RfdFB* (û.l.f. Kerst Huisman en Wolter Jetten), dy't it û.o. it gearstallen fan kaarten mei Frysktalige topografyske nammen foar de trije Fryslannen neistribbet. Sa is yn 2011 in *Ynterfryske dikekaart* ferskynd mei de eigen nammen yn it Westerlauwersk Frysk en yn it Noard-Frysk (yn Noard-Fryslân). Dy kaart is ek tige fan belang foar it Frysk ûnderwiis. Hiemstra hat sûnt 2010 in fêste rubryk oer 'Us eigen taal' yn *Lytse Frisia* (fan de *Jongfryske Mienskip*) en komt dêryn (ek) geregeld op it wurk fan de *FFU*.

Us *FFU*-skathâlder Ed Knotter wie learaar (Frysk en wiskunde) en is Afûk-lesjouwer, wurket mei oan it skriuwen fan *Taalbaas* yn de *Ljouwerter Krante*, sit yn de *seksje Frysk* fan *Levende Talen* (skathâlder) en fertsjintwurdiget dy seksje yn de *RfdFB*. Hy sit yn de redaksjerie fan *Swingel* foar de *seksje Frysk* (*LT*).

Germ Gerbrandy wie learaar en is benammen aktyf yn de gemeentepolityk. Hy hat ek gâns in netwurk en fertsjintwurdiget ús yn de *Nederlânske Kommisje* fan it *EBLT* (it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*) en sit ek yn de *Politike Kommisje* fan de *RfdFB*.

Thys van de Veen is frisist en is yn 2011 mei pensjoen gongen as learkrêft oan in basisskoalle. Hy wurket yn dieltiid noch by *Tresoar*.

## **B. Jiergearkomste**

Op woansdei 25 maaie 2011 hat de *FFU* syn jiergearkomste by Klaske Straatsma thús belein. It ferslach is (ek) oan te klikken op ús webstek by 'ferslaggen bestjoersgearkomsten'.

It ferslach fan de jiergearkomste fan 21 april 2010 wurdt sûnder ynhâldlike opmerkings goedkard, mei tank oan de skriuwer(s). Jannes van der Velde en Bouwe Gall hawwe de boeken kontrolearre en alles ynoarder fûn. Us ponghâlder, Ed Knotter, wurdt dus, mei tank, ûntlêstge. De FFU is wat efterút buorke. It is dus tige fan belang dat ús leden harren bydrage trou oermeitsje. Omdat Ed ôfwêzich is, sil er frege wurde om op in letter stuit noch in taljochting te jaan op de finansjele situaasje. As Bouwe Gall noch in jier sitten bliuwt, dan sil der foar Jannes van der Velde noch in ferfanger yn it de kaskommisje socht wurde moatte.

Hiemstra hat in ynlieding jûn oer Frysktalige toetsen: *wat is der al en wat moat der noch komme en wêrom*. Tom Dykstra ljochtet it *rapport* fan de *kommissje-Hoekstra* ta oangeande de *foechoerdracht* fan it Ryk nei de provinsje Fryslân en de mooglike betsjutting dêrfan foar it Frysk. Wy wolle safolle mooglik ûnderwiisfoech nei de provinsje hawwe. In goed kontakt mei guon provinsjale amtners is fandatoangeande tige fan belang.

It *FFU*-webstek wurdt gauris besjoen. It is in effektyf middel om ferwize te kinnen nei alle foar it wurk fan de *FFU* rillevante ynformaasje. Alle jierferslaggen en ferslaggen fan ús gearkomsten binne fan 2005 ôf oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*.

### C. Kontakten

*\*Oan te klikken op ús webstek*

#### I. Organisaasjes en persoanen

- 12-01-2011(Dykstra, Hiemstra, Knotter): *Hûndert/Honderd*, feestlike gearkomste fan it *Sintrum Frysktalige Berne-opfang* ta gelegenheid fan it feit dat der 100 pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen binne dy't de Frysk- of twataligens (N/F) neistribje. Plak: *Brede Skoalle*, 'De Drait', Drachten;
- 09-01-2011, 18-02-2011, 21-09-2011 (Hiemstra): konstruksjegroep Cito-toets *Begripend Lêzen (groep 8)*;
- 20-01-2011 (Dykstra, Hiemstra): gearkomste *Oanfalsgroep* (mei oaren), FA, Ljouwert;
- 20-01-2011, 23-02-2011, 11-05-2011, 22-06-2011, 21-09-2011, 17-12-2011 (Hiemstra): gearkomsten haadbestjoer (HB) fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen*, Utert;
- 02-02-2011, 30-03-2011, 27-05-2011 (jubileum '100 jaar VLLT', Amsterdam), 07-12-2011 (Hiemstra, Knotter): gearkomsten fan de *Seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen*, FA, Ljouwert (of oars);
- 15-02-2011 (Hiemstra): algemiene gearkomste fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), kantoar *RfdFB*, Ljouwert;
- 17-02-2011, 14-04-2011, 08-09-2011, 07-12-2011 (Hiemstra): bestjoersgearkomsten *Fryske Rie*; *Ynterfryske Rie*: 12-11-2011 (Hiemstra; Iffens/Butjadingen);
- 02-03-2011 en 12-10-2011 (Hiemstra): gearkomste wurkgroep *Logopedy en Frysk* (FA), Ljouwert;
- 17-03-2011, 10-11-2011 (Dykstra, Hiemstra): bestjoersgearkomsten *Ried fan de Fryske Beweging*;
- 22-03-2011 (Dykstra): útrikking *Fryske Reklamepriis 2011*, WTC Expo, Ljouwert;
- 23-03-2011 (Hiemstra): gearkomste wurkgroep *Fryske Testen en Toetsen* (FA), Ljouwert;
- 28-04-2011 (Hiemstra): moetingsgearkomste leden en stipers *Ried fan de Fryske Beweging*, Grutte Wielen, Ljouwert;
- 18-05-2011 (Hiemstra): algemiene gearkomste fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), kantoar *SFBO*, Ljouwert;
- 14-06-2011 (Hiemstra): moeting fan Friezen by de *Upstalbeam*, Auerk (East-Fryslân);
- 10-09-2011 (Hiemstra): oerlis mei de *Jongfryske Mienskip*, Bitgummole;
- 14-09-2011 (Dykstra, Hiemstra): oerlis oer it rapport Hoekstra mei provinsjale amtners Tsj. Bottema en E. Duijff, Provinsjehûs, Ljouwert;
- 16-09-2011 (Dykstra): jiergearkomste Fryske Akademy (Akademydei, 'It Aljemint'), ynformeel oerlis mei haadynspekteur R. Steur oer it ynspeksjerapport 'Tusken winsk en wurklikheid';
- 22-09-2011 (Hiemstra): algemiene gearkomste fan it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), kantoar *Stellingwarver Schrieversronte*, Aldeberkeap; op 5 nov. 2011 in *ekskurzje* nei Skiermuontseach (Gerbrandy);
- 24-09-2011 (Dykstra; Gerbrandy, mei in taspraak), *Betinking slach by Warns*, '60 jier Kneppelfreed' mei omtinken foar de posysje fan de minderheidstalen en it plak fan it Frysk by de gemeentelike weryndielings, 'Reaklif', Warns;
- 28-09-2011 (Dykstra): gearkomste nasjonale 'Canonkaravaan', foar learkrêften basisûnderwiis en wurknimmers fan iepenbiere biblioteken, lanlike kanongroep ([www.entoen.nl](http://www.entoen.nl)) en Afûk, *NHL*, Ljouwert;
- 19-11-2011 (Dykstra, Hiemstra, Gerbrandy): 'Keppelfeest', *Fan Kneppeljen nei Keppeljen*, *Ried fan de Fryske Beweging*, slotfeest te Boalsert;
- 20-12-2011 (Dykstra, Gerbrandy): oerlis oer de opset fan de trijetalige pabû mei Liskje Flapper en Henk Wolf, *NHL*, Ljouwert.

## 2. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 15-03-2011 (Dykstra, Hiemstra): 'Frysk yn it fuortset ûnderwiis', kongresmiddei Cedin (*Taalsintrum Frysk*), WTC-Expo, Ljouwert;
- 16-03-2011 (Dykstra, Hiemstra): prov. harksitting 'Wurk fan it Frysk meitsje', Provinsjehûs, Ljouwert;
- 24-04-2011 (Hiemstra, Dykstra): symposium *Berie foar it Frysk* oer 'Wurk meitsje fan taalbelied', Provinsjehûs, Ljouwert;
- 02-11-2011 (Dykstra, Knotter): Tomke-sympoasium, De Jouwer;
- 03-11-2011 (Dykstra, Hiemstra, Knotter); stúdzjemiddei *seksje Frysk* (VLLT) 'Fierder mei Frysk 8', 'Adverium', Drachten;
- 04-11-2011 (Hiemstra): *Landelijke Studiedag VLLT*, Beatrixhal, Utert;
- 09-11-2011 (Dykstra): stúdzjemiddei *Gemeenten en Frysk 2011* 'Talich ûnderwiis freget om in talige omjouwing', De Pleats, Burgum;
- 11-11-2011 (Hiemstra); *WFT-sympoasium* 'Alde en nije leksikografy', Fryske Akademy, Ljouwert;
- 09-12-2011 (Dykstra, Hiemstra): symposium 'Lange oanrin, koarte sprong', mei de presintaasje fan it boek mei deselde namme, fan Koen Zondag oer it 'Twatlich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980' (2011).

## D. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📩) de FFU.

Mei \*(stjerke): oan te klikken op ús webstek.

### Utgien:

#### \*22-12-2011 📧FFU: brief oan Deputearre Steaten oer plaknammejouwing yn Súdwest-Fryslân

In FFU-brief oan Deputearre Steaten (d.d. 22-12-2011) fan Fryslân oer it nét útfieren fan it plaknammebeslút fan de eardere gemeente Wymbritseradiel. In steatsrjochtlik ûndersyk liket needsaaklik te wêzen om útfiering dêrfan dochs of te twingen. It FFU-brief stipet mei dizze aksje in brief fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (d.d. 7-12-2011; sjoch dêrfoar ek by 'ynkommen') oan DS oer deselde kwestje. Wy krigen in Frysktalige ûntfangstbefêstiging (fan in kopy fan it brief dat oan DS stjoerd wie) fan de gemeente Súdwest-Fryslân d.d. 28-12-2011 (registraasjenû. I11.036265).

#### \*27-09-2011 📧FFU: brief oan Twadde Keamer oer it tapassen fan it Europeesk Hânfêst; de finansiering fan Frysktalige toetsen en de ynspeksjekontrôle op it fak Frysk

Yn in FFU-brief oan de Twadde Keamer komme trije punten yn op it rabat:

1. de noch (lang) net tarikkende tapassing fan it *Europeesk Hânfêst* op it Frysk en it omsetten dêrfan yn Nederlânske ûnderwiiswetjouwing;
2. de needsaak ta it ûntwikkeljen fan in noarmearre (standerdisearre) learlingfolchsystem en betroubere, objektive en falide tusken- en eintoetsen foar it Frysk en de finansiering dêrfan;
3. de plicht fan de Ynspeksje fan it Underwiis om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk te kontrolearjen.

Der is troch Hiemstra ek in Ingelsktalige wjergea fan it brief makke, dy't stjoerd is oan de *Ried fan Europa* (Council of Europe) te Straatsboarch en it *Europeesk Parlemint* te Brussel.

It brief is taheakke oan de wurklist fan it *Steatekomitee Frysk* (e-postberjocht fan foarsitter Annigje Toering, d.d.26-09-2011). Op 27 sept. 2011 krigen wy in ûntfangstbefêstiging fan de ôfdieling griffy fan de Twadde Keamer en waard ús skreaun dat ús brief troch stjoerd wie oan de fêste kommisje foar OC en W: "Deze commissie zal uw brief behandelen in een van haar eerstvolgende vergaderingen. Der griffier van de commissie zal u binnenkort informeren over het besluit dat de commissie naar aanleiding van uw brief heeft genomen. Als u uw brief alleen ter kennisname naar de Tweede Kamer heeft gestuurd, dan volstaat de Tweede Kamer met deze ontvangstbevestiging." Op 10-10-2011 krigen wy fan de griffier fan de fêste kommisje foar OC en W it berjocht dat ús brief yn in proseduregearkomste behannele wie: "De commissie heeft besloten dat de leden uw brief desgewenst konden betrekken bij de inbreng voor schriftelijke overleg 26 september jl. over kabinetsreactie inzake onderwijs in het vak 'Fries'. Het verslag van het overleg is te zijner tijd te raadplegen via de internetsite van de Tweede kamer ([www.tweedekamer.nl](http://www.tweedekamer.nl)) [...]."

Op 29 novimber 2011 krigen wy ek in antwurd (op boppeneamde Ingelsktalige oersetting fan dat brief) fan it 'Directorate of Human Rights and Antidiscrimination' (it sekretariaat fan it 'European Charter for Regional or Minority Languages', Council of Europe) út Straatsboarch, dus fan it *Europeesk Hânfêst* (sjoch ûnder by 'ynkommen', 29-11-2011). It sekretariaat hat in ôfskrift fan ús brief stjoerd oan it sekretariaat fan de 'Framework Convention for the Protection of National Minorities' (dus fan it *Ramferdrach*).

**\*22-04-2011 🇳🇱FFU: ynternetkonsultaasje konsept ‘Wet gebruik Friese taal’**

Brief FFU (lâns de wei fan ynternetkonsultaasje) oan minister Donner (Ynlânske Saken) en de Twadde Keamer oangeande de konsultaasje *Wet gebruik Friese taal*. De FFU is der wiis mei dat Donner no avensearret mei de ‘Wet gebruik Friese taal’, mar wy wize op 11 tekoartkommings en winsken.

**\*18-03-2011 🇳🇱FFU: Taalbelied Súdwest-Fryslân by it beânderjen fan Frysktalige brieven**

Frysktalich FFU-brief oan de leden fan de Gemeenteried en it Kolleezje fan Boargemaster & Wethâlders fan de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân oer harren taalbelied foar it beânderjen fan Frysktalige brieven. De FFU hie op syn Frysktalich brief oer plak- en gemeentenammen (sjoch hjirûnder by 23-02-2011) in Hollânsktalich ûntfangstberjocht krige. De FFU spriek syn fernuvering út oer it feit dat de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân dy beândere mei in Hollânsktalige ûntfangstbefêstiging. Dat is net neffens de ‘Oerienkomst oangeande Fryske taalbelied yn de nije te foarmjen fúzjegemeenten Súdwest-Fryslân’ (fan 1 maart 2010). De (no wol) Frysktalige ûntfangstbefêstiging fan de gemeente fan ús brief is fan 12-04-2011. Hat it holpen?

**\*23-02-2011 🇳🇱FFU: Frysktalige gemeentenamme(n) en plaknammen yn Súdwest-Fryslân**

Frysktalich FFU-brief oan de leden fan de Gemeenteried en it Kolleezje fan Boargemaster & Wethâlders fan de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân om te kommen ta in Frysktalige gemeentenamme en Frysktalige plaknammen dy’t foldogge oan de Fryske stavering sa’t dy yn 1980 offisjeel fêststeld waard. Sa kin de namme *Súdwest-Fryslân* net sûnder keppelstreekje en moat *Súdwestergoa* perfoarst mei in *-oa* oan de ein.

Der kaam in Hollânsktalich ûntfangstberjocht fan de gemeente (d.d. 25-02-2011) op werom dat it brief registrearre wie ûnder nûmer 111.002787. It skynde dus fan de gemeente-amtner dy’t de reaksje opstelt/ferstjoert, ôf te hingjen hokfoar taal oft der brûkt wurdt (Hollânsk of Frysk). Op 13-04-2011 krigen wy wer in Hollânsktalich berjocht dat ús brief fan 23 febr. 2011 behannele wie yn de riedsgearkomste fan 31 maart 2011: “Het raadsvoorstel bestond uit een tweetal opties, namelijk de gemeentenaam vast te stellen op basis van de gehouden enquête of een breder traject in te steken, mede op basis van aangedragen suggesties richting de gemeente. Het voorstel is in stemming gebracht, waarbij met 21 stemmen is gekozen voor de enquêteresultaten als basis voor de definitieve naamgeving.”

**Ynkommen:**

**\*7-12-2011 🇳🇱TWF: Brief fan de Topografyske Wurkgroep Fryslân oan DS oer it tapassen fan it konvenant belied Fryske taal gemeente Súdwest-Fryslân**

Yn in brief oan Deputearre Steaten fan Fryslân fersiket de Topografyske Wurkgroep Fryslân oan it kolleezje fan DS om op basis fan in mienskiplik konvenant (fan 1 maart 2010), sletten troch *fiif fúzjegemeenten* (dy’t no de gemeente *Súdwest-Fryslân* foarmje), de *Provinsje Fryslân* en it *Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes* in ûnôfhinklik **steatsrjochtlik** ûndersyk te inisjearjen, dat ûndersykje moat oft oan it *Europeesk Hânfêst* en it konvenant rjocht dien is. De eardere gemeenterie fan Wymbritseradiel hie op 20 maaie 2008 besletten om yngeande 1 jannewaris 2009 de Frysktalige plaknammen offisjeel te brûken. Dat is oant no ta noch net ymplementearre.

**\*29-11-2011 🇳🇱Secr. ECRML: Reaksje fan it sekretariaat fan it European Charter for Regional or Minority Languages (Strasbourg) op it FFU-brief fan 27 sept. 2011 oan de Twadde Keamer oer de ûntarikkende tapassing fan dat hânfêst**

It haad fan it sekretariaat skriuwt ús: “This information will be forwarded to the *Committee of Experts of the Charter*, in accordance with Article 16, paragraph 2 of the Charter, to be taken into account during the preparation of the Committee’s fourth evaluation report on the application of the Charter in the Netherlands. The information will also be forwarded to the *Advisory Committee of the Framework Convention* for examination during the next monitoring round for the Netherlands.”

**\*10-10-2011 🇳🇱OCW: Reaksje OCW op in FFU-brief fan 27 sept. 2011 oer it Europeesk Hânfêst, Frysktalige toetsen en de ynspeksjekontrôle fan it Frysk**

Yn in FFU-brief oan de Twadde Keamer (sjoch ek boppe by brieven ‘útgeand’, 27-09-2011) kamen trije punten op it aljemint:

1. de noch (lang) net tarikkende tapassing fan it *Europeesk Hânfêst* op it Frysk en it omsetten dêrfan yn Nederlânske ûnderwiiswetjouwing;
2. de needsaak ta it ûntwikkeljen fan in noarmearre (standerdisearre) learlingfolchsysteme en betroubere, objektive en falide tusken- en eintoetsen foar it Frysk en de finansiering dêrfan;
3. de plicht fan de Ynspeksje fan it Underwiis om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk te kontrolearjen.

It OCW-brief hie it karakter fan in ûntfangstbefêstiging en gong ynhâldlik net yn op ús FFU-brief.

**\*30-06-2011 🇳🇱Kabinetsreaksje Frysk rapport fan de ûnderwiisynspeksje en it rapport fan de stjoergroep-Hoekstra**

De provinsje Fryslân kriget wat mear romte om, yn gearspraak mei de skoallen yn de provinsje, it ûnderwiis yn guon skoaltypen sels stal te jaan. Dat stiet yn in reaksje fan minister Van Bijsterveldt fan ûnderwiis (UKW/OCW) en minister Donner fan ynlânske saken (YSK/BSK) op it advys fan de kommisje-Hoekstra. Dy romte is de *FFU* fierste beheind. De *FFU* freget *folsleine autonomy* foar de Provinsje op dat mêd: foar alle skoaltypen (dus ek foar it *spesjaal ûnderwiis* en it *middelber beropsûnderwiis*) en mei *ferplichte* eksamens Frysk foar alle learlingen fan Fryske skoallen as dy der foar it Hollânsk ('Nederlânsk') ek binne.

**\*15-06-2011 🇳🇱DS: (1) it ferplichtsjen fan it Frysk yn it mbû, (2) it Frysk yn de beropsstanderts foar (f)mbû-learaars en (3) it toetsen fan de Fryske kanon by pabû-studinten**

Brief (reaksje) fan *Deputearre Steaten* fan Fryslân oan de *FFU* (en oaren) as antwurd op in brief fan de *FFU* (d.d. 1 sept. 2008) oer de needsaak fan in ferplichting fan it Frysk yn it *middelber beropsûnderwiis* (mbû) en - doe't der *gjin* reaksje fan it provinsjaal bestjoer kaam - (*jitris*) in brief fan de *FFU* (d.d. 26 nov. 2010) oer:

1. de needsaak ta in ferplichting fan it Frysk yn it mbû;
2. beropsstanderts foar (f)mbû-learaars en it Frysk;
3. it toetsen fan de Fryske kanon by pabû-studinten.

Fan de provinsje krije wy as andert: “[...] dat de provinsje gjin inkeld foech hat as it giet om it beropsûnderwiis. Nettsjinsteande dat binne wy wol deeglik ree om binnen de mooglikheden dy't wy hawwe, it Frysk yn it beropsûnderwiis te befoarderjen. Konkreet hâldt dat yn dat wy yn diskusje gean kinne mei de ferskillende kolleezjes fan bestjoer, eventueel stimulearringssubsydzjes jaan kinne, inisjativen fan dosinten stypje kinne of de kwestje yn bestjoerlike oerlizzen mei it Ryk oan 'e oarder bringe kinne.”

Fierder jout it brief in andert op 6 punten út ús brief fan 30 novimber 2011. Dêrút docht bliken dat:

- (1) de provinsje de urginsje ynsjocht om it Frysk in plak te jaan op de mbû-opliedings;
- (2) besjoen wurdt oft de regeling foar lesueren Frysk foar it fuortset ûnderwiis ek ynsetten wurde kin yn it mbû;
- (3) neffens de opliedings de easken dy't steld wurde oan it sertifikaat Frysk foar it mbû it maksimaal helbere binne en dat it keppeljen fan de nivo's oan it Europeeske Referinsjeramt net funksjoneel is [it ERR soe allinnich bedoeld wêze foar *frijemde* talen en it Frysk is dat net yn Fryslân];
- (4) it ekonomyske argumint fan mbû-opliedings dat it Frysk net frege wurdt troch it bedriuwslibben op grûn fan in provinsjaal ûndersyk fan tafel is en der wol ferlet is fan arbeidskrêften dy't it Frysk behearskje Mar de provinsje merkt dêrby op: “De provinsje is dêrby net yn de posysje om mei taalpolitike arguminten te kommen, [...] de ûnderfining hat leard dat jo dan foar de tichte doar komme.”;
- (5) it neffens de provinsje goed wêze soe dat it Frysk oanslút by de beropstanderts foar de(f)mbû-learaar yn ‘beroepsgerichte vakken’: “Wy sille sjen wat de mooglikheden binne op dat mêd”;
- (6) it neffens de provinsje logysk wêze soe dat de kanon fan de Fryske skiednis omtinken kriget by it ûnderrjocht yn de Nederlânske skiednis: “Wy wurdearje de suggestje om te sjen nei de mooglikheden fan in lanlike toets. Fierder hawwe wy geregeld oerlis mei de pabû's en de Fryske kanon is yn dy oerlizzen oan 'e oarder west. De Fryske kanon is by beide pabo's ûnderdiel fan it kurrikulum.”

**\*15-04-2011 🇳🇱TWF: Parseberjocht: Belied Fryske taal yn de gemeente Súdwest Fryslân set út ein mei in juridyske trúk**

Oprop oan de nije gemeente Súdwest-Fryslân en Provinsjale Steaten om yn it ramt fan de weryndieling oan it *Europeesk Hânfêst* te foldwaan. Der is yn 2010 in konvenant “Belied Fryske taal gemeente Súdwest-Fryslân” sletten tusken fiif fusearjende gemeenten, de provinsje en it Ryk. De TWF ropt op om der op ta te sjen dat it konvenant net geweld oandien wurdt troch juridyske trúks. De plaknammen hearre yn de nije gemeente Frysktalich te wêzen.

**\*11-04-2011 🇳🇱TWF: Konsultaasje ‘Wet gebruik Friese taal’**

Brief fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (bydrage oan de ynternetkonsultaasje, d.d. 11 april 2011) foar minister Donner (Ynlânske Saken) en de Twadde Keamer mei it fersyk om kêst 10: 2g fan it *Europeesk Hânfêst* ta te passen: [...] *verplichten de Partijen zich ertoe toe te staan en/of aan te moedigen: [...] g. het gebruik of de aanneming van de traditionele en juiste vormen van toponiemen in de streektaal of taal van een minderheid, indien noodzakelijk tezamen met de naam in de officiële taal of talen.* D.w.s. dat it brûken fan de Frysktalige toponimen ek yn de ‘Wet gebruik Friese

taal' as **taalrjocht** opnommen wurde moatte soe. De *FFU* ûnderskriuwt en stipet it stânpunt fan de wurkgroep. Offisjele Frysktalige Fryske toponimen binne fan grut belang foar de oerdracht fan in wichtich stik Fryske taalkultuer yn it ûnderwiis (yn bygelyks learmiddels en toetsen, yn atlasen en op kaarten), dus foar it hoedzjen en noedzjen fan ús taal.

### **E. Publisiteit**

\*Oan te klikken op ús webstek: [www.ffu-frl.eu](http://www.ffu-frl.eu). In stikmannich artikels fan en oer aktiviteiten fan *FFU*-bestjoersleden dy't pleatst binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn alle media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind.

#### **Swingel**

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: [www.fryskebeweging.nl/Mear\\_oer\\_de\\_Fryske\\_Beweging/Swingel](http://www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel).

- \*nû. 32, 2011 (s. 14-16) in artikel fan Tom Dykstra mei as titel '*De doar nei foech oer ûnderwiis yn it Frysk op in kier ...*', oer de kabinetsútstellen oangeande it oerdragen fan foech oer it ûnderwiis yn it Frysk oan de provinsje. Dy lykje net al te geunstich.

- \*nû. 31, 2011 (s. 14-16); in artikel fan Tom Dykstra mei as titel '*Komt it no klear mei it Frysk yn it (basis)ûnderwiis?*' oer de kabinetsreaksje ('It moat better! It kin better!') op it rapport fan de stjoergroep-Hoekstra. Feroaret der aanst wierliken wat?

- \*nû. 30, 2011 (s. 6-7): in artikel fan Sytze T. Hiemstra mei as titel '*It kin en moat better!*' oer it ûnderwiis yn it Frysk yn it fuortset ûnderwiis. Dat ûnderrjocht moat neffens de *Feriening Frysk Underwiis* en deputearre Tineke Schokker gâns better.

#### **Lyts Frisia**

- \*jrg. LX, nû. 4, 2011 (s. 57-65), Sytze T. Hiemstra syn achtste artikel yn *Lyts Frisia* oer *Us eigen taal* (8); *útgongspunten foar in Fryske-taalstandert* (6=7). De rige útgongspunten foar in Fryske-taalstandert wurdt fuortset en it ûnsover brûken fan it Frysk, no by de eigen (provinsjale) oerheid, op it harspit nommen. In takomstich *Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer* soe de kwaliteit fan it taalgebrûk bewekje moatte. Dêr past ek it gearstallen fan in *Grien Wurdboekje* en in *Griene Grammatika* by.

#### **Leeuwarder Courant**

- \*04-11-2011: Kolumnist Pieter de Groot wurdt bûksiik fan de behanneling fan it Frysktalich ûnderwiis yn De Haach troch it parlemint en troch de ûnderwiisynspeksje ('Ut 'e skulp', *Dwers*, 4 nov. 2011). De learaars soene neffens De Groot in foarbyld nimme moatte oan de *Feriening Frysk Underwiis*, dy't him altiten fûl rjochting De Haach oppenearret. Hy freget him ôf: "Wurdt it net heech tiid om út 'e hoeke te krûpen en har mei-inoar te skoar te setten tsjin de Haachske roppers en razers oer?" Wy stypje de oprop fan De Groot. De 'mastodonten' fan de *FFU* hearre der net allinnich foar te stean en de *FFU* liket noch lang net oerstallich.

- \*17-08-2011: Mei op oanstean fan de *FFU* hat de *Ried fan de Fryske Beweging* in brief skreaun oan de Fryske Steaten om in opdracht te jaan ta it gearstallen fan in 'Grien Boekje' foar it Frysk (LC-kop: '*Fryske Beweging skriuwt brief oer it griene boekje*').

- \*30-04-2011: Under de kop '*Uiteenlopende reacties op taalwet*', wurdt skreaun dat de reaksjes op de nije wet 'Gebruik Friese taal' fan minister Piet Hein Donner almeast posityf binne. Foar it Frysk yn it ûnderwiis moatte noch regelings en kontrôles komme, sa sizze de *Feriening Frysk Underwiis* en oaren: "Dat er ook voor het Fries in het onderwijs regelingen en controles moeten komen, wordt door nog meer inzenders geopperd, zoals de *Feriening Frysk Underwiis* (*FFU*)."

- \*08-03-2011: Cor Jousma fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* skriuwt in *Te Gast* oer '*Sudergaas, -go of -goa*' en referearret oan de arguminten fan de *Feriening Frysk Underwiis* (*FFU*) om ta in echt Frysktalige namme-útgong te kommen: "Us wurkgroep slút him dan ek oan by de arguminten fan de *FFU* en ek by de oprop om hokker gemeentenamme dan ek foar te lizzen oan de Fryske Akademy. Mocht it in Sneker- of Sudergaas wurde, dan sille wy de gemeentenamme toetse litte, troch de Rie fan Europa (behearder fan it Europeesk Hânfêst) te freegjen om dêr syn ljocht oer skine te litten."

#### **Friesch Dagblad**

- \*22-12-2011 (s. 23): in kranteberjocht mei as kop '*Fryske plaknammen: Staatsrechtelijk onderzoek nodig naar Súdwest-Fryslân*', nei oanlieding fan in fraach (brief) fan de *Feriening Frysk Underwiis* (*FFU*) oan Deputearre Steaten fan Fryslân oer de rjochtsjildigens fan it beslút fan de nije gemeente Súdwest-Fryslân om *gjin* Frysktalige plaknammen yn te fieren, omdat der in - neffens de *FFU* - rjochtsjildich beslút fan de eardere gemeente Wymbritseradiel lei(t) om dat



wól te dwaan. De *FFU* stiet oan op aksje fan de kant fan DS en bepleitet in steatsrjochtlik ûndersyk: “Volgens de *Feriening Frysk Underwiis* en de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* zouden de Friese namen de officiële moeten zijn.” - \*27-09-2011: in kranteberjocht mei as kop ‘*Kamer moet haast maken met Friese taal*’. De Twadde Keamer moat de provinsje Fryslân sa gau mooglik mear foech jaan oer it ferplichte brûken fan it Frysk as ynstruksjetaal yn it ûnderwiis, skriuwt de *Feriening Frysk Underwiis* yn in brief oan de Twadde Keamer. It Frysk moat lykweardich wurde oan it Nederlânsk (Hollânsk) as fak, as ynstruksjetaal en as ferplichte eksamenfak. Der moatte ek in learlingfolchysteem en metoade-ûnôfhinklike toetsen foar it fak Frysk ûntwikkele wurde, dêr’t de kosten fan troch de ryksoerheid betelle wurde moatte.

- \*07-05-2011 (s. 17): in kranteberjocht mei as kop ‘*Streepje erbij in Súdwest Fryslân*’. Ut in brief fan de *FFU* wurdt it neikommende oanhelle: “Wy achtsje it foar it oerdragen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis fan grut belang dat nammen fan gemeenten en plakken offisjeel yn it Frysk fêststeld wurde.”

#### *Fierders:*

Yn it wykblêd \**Fryslân* (07-05-2011) stie in stikje oer it feit dat *FFU*-bestjoerslid en âld-wethâlder Germ Gerbrandy twa lokaasjes fan bernfeiferbliuw *Humpy Dumpy* yn Snits it sertifikaat foar meartalige ûntwikkeling útrikte. Op 22 des. 2011 hat der yn in radio-útstjoering fan *Omrop Fryslân* (Eric Ennema) in fraachpetear west mei Sytze T. Hiemstra oer it *FFU*-brief oan Deputearre Steaten (d.d. 22-12-2011; sjoch boppe) fan Fryslân oer it nê útferen fan it plaknammebeslút fan de eardere gemeente Wymbritseradiel.

#### **F. Webstek FFU**

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide net úteinset op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwyt dy’t wy fan belang achtsje foar (de oerdracht fan) de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Untjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin.

It tal ‘pageviews’ wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378, ein 2008: 5437, ein 2009: 6335, ein 2010: 7070, ein 2011: 8212 (Ned.: 95.7%; FS: 1,3%; Dsl.: 1.1%, ferskate oare lannen ûnder de 1%). Sytze T. Hiemstra (sr.) riedt sûnt 2005 foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra (jr.) soarget derfoar dat dy op ús webstee komt. Hiemstra jr. kriget it minimumlean foar syn oeren. It is mear in lytse fergoeding foar in stikje willewurk. De ynhâld fan ús stek wurdt fansels ek op oare wize oanklikt, bgl. fia Google, en dan hawwe wy folle mear besikers. Mar dêr hawwe wy gjin sicht op. Underwilens is der in aardich argyf fan ús op it net te finen. Jo kinne ús net allinnich fine fia [www.fryskebeweging.nl](http://www.fryskebeweging.nl), mar sûnt 2010 ek troch it oanklikken fan [www.ffu-fri.eu](http://www.ffu-fri.eu).

#### **G. Fertikale en horizontale yntegraliteit as betingst foar in lykweardich en better brûken fan it Frysk**

Fansels besykje wy yndividuele âlders te helpen as harren bern net of net genôch Frysk op skoalle krije. Dêrby rinne wy gauris fêst (sjoch ek boppe en op ús webstek), omdat de needsaaklike rânebetingsten foar trije wichtige organisaasjenivo’s nôch altiten net foldwaande binne. Dy trije fronten (it makro-, meso- en mikronivo) hingje tige mei-inoar gear en meie absolút net los faninoar sjoen wurde. Dat neame wy **fertikale yntegraliteit**.

1. Op it nivo fan it Ryk of de steatsnaasje (it makro-nivo: bgl. kabinet, ministearje fan OCW, Earste en Twadde Keamer) soene der wetten en regels makke wurde moatte dy’t it Frysk yn it hiele ûnderwiis in (op syn minst) oan it Nederlânsk (Hollânsk) lykweardich en lykberjochtige plak besoargje. Dat is noch lang net it gefal. Yn Fryslân kinne Deputearre en Provinsjale Steaten dat net regelje, want dy meie gjin ûnderwiiswetten foar it Frysk meitsje of it ûnderwiis yn dy taal kontrolearje (litte). As it Ryk gjin ferplichte eksamens yn it Frysk foarskriuwt en de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk net kontrolearret (bgl. troch de ûnderwiisynspeksje), dan hat dat tige *ûngeunstige* effekten op en gefolgen foar oare (‘legere’) nivo’s fan organisaasje: it *meso-* en *mikronivo*. It ûntbrekken fan in eigen provinsjaal foech op dat mêd is in grutte hendikep foar de *FFU*, want yn De Haach komt de *FFU* almeast foar de winige doar.

‘Demokrasj’ betsjut yn ‘Nederland’ oant no ta noch altiten dat de (macht fan de) Hollânsktalige mearderheid yn De Haach, dy’t almeast neat ‘hat’ mei it Frysk (it is ‘har’ taal net), de wetten en regels makket en der tige *iensidich* foar soarget dat it Hollânsk fan leech oant heech in sterk en wichtich plak kriget yn it hiele ûnderwiis en dat it Frysk fan leech oant heech systematysk *ferwaarleazge* wurdt. En dat der sadwaande ek gjin *trochgeande learline(n)* troch it skoallesysteem ta stân brocht wurde kin(ne). Dy *machtsferhâldings* moatte dus feroarje. Fryslân moat op it stik fan ûnderwiis baas op eigen hiem en yn eigen hûs wurde. Dan kinne de Friezen foar it hiele ûnderwiis sels wetten en regels meitsje en kinne wy ús as *FFU* op ‘eigen’ wetten beroppe as wy âlden en learlingen helpe en ‘rjocht dwaan’ wolle. Wy rinne aloan mar wer stikken op de besteande (slim tekoartsjittende) wetjouwing en in ferkearde ‘Haachske’ opfetting fan

wat 'demokrasj' betsjutte moat. Nederlân is fandatoangeande *gjin* rjochtsteat. It Frysk mist dêrtroch gâns (wetlike) taalmacht.

2. Op it nivo fan de skoalle-organisaasje (it midden- of *meso*-nivo) hawwe wy te krijen mei (gauris Hollânsktalige) bestjoeren dy't ornaris net folle mei it Frysk op hawwe of somtiden anty-Frysk binne. De wetjouwing foar it *Hollânsk moatte* se útfiere, dat is har *plicht* en oars folgje der *sanksjes* út 'De Haach'. Foar it Frysk binne der wol wat rjochten, mar amper *plichten*, dy't boppedat nê't mei sanksjes ôftwongen wurde kinne. 'Ljouwert' (DS en PS) stiet machteleas. Dat pleatst it Frysk yn in posysje dat wy as *FFU* de âlden ek net (goed) helpe kinne as se ûntefreden binne oer de behanneling fan it Frysk op skoalle. Alden moatte harren op goede ûnderwiislearplannen foar de Fryske taal, kultuer en skiednis beroppe kinne.

Boppedat achtsje wy ek de *sichtberens* fan ús taal yn en om de *skoalgebouwen* hinne en it (mûnling en skriftlik) brûken fan de taal yn en by *gearkomsten* (yntern gebrûk) en yn de (mûnlinge en skriftlike) *kontakten mei de bûtenwrâld* (ekstern gebrûk) fan grut belang. Dat moat likegoed oars en better.

It Frysk hat ek op dit twadde nivo te min *taalmacht* en te min taalstatus. De oarsaak ('skuld') dêrfoar leit yn 'De Haach' en de Frysktalige befolking leit him dêr oant no ta almeast te maklik by del. Dêr moat binende regeljouwing foar komme, sadat it Frysk yn de praktyk op syn minst lykweardich behannele wurdt. Soks soe in tige positive útstrieling hawwe op de learlingen en har *taalhâlding* foar it Frysk oer geunstich beynfloedzje. Dat hat sûnder mis wer ynfloed op har *taalgedrach*, har *leargedrach* (motivaasje) en har *taalprestaasjes*. Ut de sosjale wittenskippen wit men dat opfettings en gedrach fan minsken ornaris allinnich feroarje as it (taal)fermidden, d.w.s. de '*omjouwing*' fan minsken, feroare wurdt. **Net oarsom!** Sa'n feroaring is benammen in (taal)politike saak.

3. Op it nivo fan de *klasse*-organisaasje, fan de learaar en de learling (it *mikro*-nivo) kin der ornaris net folle feroarje en ferbetterje, omdat de learaar likegoed nochal machteleas stiet as er mear en better Frysk wol. Dat komt omdat de wet- en regeljouwing ('omjouwing') net doocht en syn/har hanneljen sadwaande net legitimearret. In learaar dy't it Frysk net behearsket, sil boppedat dan net of amper syn bêst dwaan om dat wol te learen. Soks moat op it makro- en meso-nivo earst goed regele wurde. Fan 'ûnderen-op' kin dat net slagje. Dat is in *machteleaze* 'omjouwing'.

In learaar is net of amper by steat en ferbetterje de situaasje foar it Frysk yn de klasse as er net konfrontearre wurdt mei de *plicht* ('omjouwing') om goed en foldwaande Frysk te jaan. Hy (sy) moat ek kontrolearre wurde mei middels dy't ynsjoch jouwe yn de opbringsten fan it ûnderwiis en mei in ynspeksje dat dêr (goed) tafersjoch op hâldt. In (*ferplichte*) learlingfolchsystem, (*ferplichte*) tusken- en eintoetsen toetsen, (*ferplichte*) eksamens en de *plicht* fan de ûnderwiisynspeksje om it ûnderwiis yn it Frysk te kontrolearjen, binne dus needsaaklik (rânebetingsten) om de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te fergrutsjen en te ferheegjen. Allegearre *omjouwing*s-faktors dy't it hâlden en dragen fan lju feroarje. Ek as it om taal giet.

Der moat sadwaande in (taal)belied komme dat gearhing (ferbining en ferbân) oanbringt tusken maatregels dy't foar de trije organisaasjenivo's ('omjouwing') needsaaklik binne. It iene nivo kin net sûnder it oare ('*ferdikale yntegraliteit*'). Op alle trije nivo's (wetjouwing, skoalorganisaasje, klasse) moat it Frysk in folweardich en lykweardich plak krije yn **alle** skoaltypen. Alle nivo's ('omjouwing') beynfloedzje elkoar, posityf of negatyf. Se hawwe in *dialektyske* relaasje mei-inoar.

Strukturele ferbettering *begjint* lykwols mei in goede wet- en regeljouwing. Dat docht alle dagen wer bliken. Dêr stride wy as *FFU* foar. By einsluten helpe wy Fryske âlden en Fryske learlingen dêr it bêste mei. Ad hoc-aksjes foar âlden en learlingen sette amper wat út 'e wei as de rjochten en plichten fan skoallen (bestjoeren), learlingen en learaars net (mei sanksjes) ôftwongen wurde kinne. By it ûnderwiis yn en troch it Hollânsk is dat net oars. Dat hat 'De Haach' foar har eigen' taal (it 'Hollânsk/Nederlands') strak *regele* en goed ticht timmere op al de trije organisaasjenivo's.

#### *De trijetalige skoalle*

Wy stribje dernei dat der op it meso- en mikro-nivo hieltiten mear **yntegraal trijetalich ûnderrjocht** (mei Frysk, Ingelsk en Nederlânsk/Hollânsk as fak en fiertaal) fan de grûn komt, mei in **folweardich** plak foar it Frysk yn dat gehiel. Wetlik moat dat mooglik wêze (wurde) en der meie *gjin* wetlike behinderings wêze. Der moatte hieltiten mear trijetalige *skaallen* komme en yn de klassen of groepen moat hieltiten mear trijetalich lesjûn wurde.

Yn dat trijetalige model moatte de oanbelangjende besibbe Germaanske talen Frysk, Ingelsk en Nederlânsk yn **ûnderlinge gearhing** systematysk ferlike wurde (kinne) op it nivo fan de *fonology* (û.o. útspraak en stavering), de

*morfology* (wurdfoarming en bûging fan wurden), de *syntaksis* (tiidwurdsfolchoarder of de folchoarder fan oare wurdkloften), de (kontrastive) *leksikology* (ferskillen en oerienkomsten yn de wurdfoarried fan de trije talen). Dat *ferlykjendewei* hinne-en-wer springen tusken de trije talen moat systematysk stal krije yn it mûnling en skriftlik taalgebrûk en syn delslach krije yn *yntegrals* trijetalige learboeken, modulen en oare helpmiddels. Dat neame wy **horizontale yntegraliteit**.<sup>1</sup>

Omdat *alle* learaars, hokfoar fak oft se ek jouwe, altiten taal brûke (moatte) en dus *ék* altiten taallearaars binne, moatte se wer- en byskoalling krije, dat se sa'n yntegraal konsept (fan trije- of meartalich ûnderwiis) op har eigen fak tapasse kinne en de *terminology* (eigen 'faktalige' begripen) fan har fak (bgl. yn fakken lykas skiednis, biology, ierdrykskunde en wiskunde, fersoarging) yn de trije talen mûnling en skriftlik goed oerdrage kinne (ferl. R. de Haan, *Terminology fan 'e saakfakken*, 2000, dat hast 9500 termen jout fan 9 fakken).

De learplannen, de lessen yn de klasse en de helpmiddels (learboeken, modulen) dêrby moatte sadwaande *yntegraal* trijetalich wêze. Dat betsjut ek dat de trije talen ornaris sa ticht mooglik yn de *tiid* en de *romte* neistinoar en byinoar brûkt wurde moatte. Oars rint it gearstallen fan nije helpmiddels (wer) benammen út op *skieden* (taal)streamen en *los* fan inoar steande helpmiddels en wurdt de winst dy't op dat mêd behelle wurde kin en moat, folslein wei. It *gehiel* (de 'Gestalt', de ûnderlinge gearhing) moat mear ynhâlde as de som fan de (yn romte en tiid skate) dielen. It oanpart fan it Frysk yn dat tale- en fakkegehiel mei neffens ús fariearje tusken de 35% en 50%, mar mei net ûnder it tredde part komme. Dat moat wetlik fêstlein wurde ('omjouwing'). Sokke maatregels ('plichten') helpe mei om it Frysk ta earste taal yn Fryslân te meitsjen.

Us (holistyske) FFU-fyzje is noch net goed trochkrongen by alle beliedsmakkers en betinkers fan it trijetalich skoallekonsept, mar wat net is, kin komme. Wy stribje dat yn alle gefallen nei mei alles wat yn ús is. De takomstige *learmiddels* sille dus foar (yn prinsipe) alle fakken in oar en folslein *yntegraal trijetalich* karakter krije moatte. Dêr sil mei eksperimintearre wurde moatten om ta de meast effektive foarm en ynhâld te kommen. Dat sil tiid freegje.

Stypje jo ús by ús stribjen? Wy kinne jo help net misse!

## ***It bestjoer***

---

<sup>1</sup> Dy *dialektyske* wurkwize kin en moat, as er goed útfierd wurdt, de trije talen *fersterkje*. Der ûntstiet sadwaande by de learaar en learling in grutter *befef* fan de *oerienkomsten* yn en *ferskillen* tusken de trije talen (it Ingelsk wykt mei syn sterk Romaanske ynfloeden it measte ôf) en kin dêrmei ynslûpsels fan de iene taal yn de oare (ek wol *ynterferinsjes* neamd) tefoaren komme of bestride. Sokke (ferkearde) ynslûpsels of ynterferinsjes (bgl. hollânismen of anglisismen yn it Frysk), binne in (grutte) bedriging foar de (eigen) *wurden* (bgl. kaai-*sleutel*), *lûding* (bgl. Hâns-*Hâns*), *foarm* fan de wurden (bgl. siferke-*cijfertje*), *bou* fan de sinnen (bgl. dat er komme kin-*dat hij kan komen*), *wurdbetsjutting* (bgl. besykje-*proberen*) en it *taalgebrûk* (bgl. sliep lekker-*wel te rusten*) fan ús taal. Dêr moat troch de tiid hinne yn *alle* klassen (dus longitudinaal) systematysk omtinken foar wêze en bliuwe. Dêrby meie ynslûpsels (wurden) op it mêd fan de *betsjutting* (*semantyske* ynterferinsjes; bgl. besykje-*proberen*; buorkerij-*boerderij*) en it *taalgebrûk* (*pragmatyske* of *idiomatyske* ynterferinsjes; bgl. tagong ferbean-*verboden toegang*) net fergetten wurde. It ûnderrjocht moat liede ta it oanlearen fan geef *Standertfrysk* en it mijen fan *ynterferinsjes*.

As der neat dien wurdt oan de Hollânske druk, sil it Frysk hieltiten fierder ferhollânskje en sil dan op 'en doer yn taalkundige sin grif in dialekt fan it Hollânsk wurde (ferl. bgl. Breuker e.o., *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*, 1982, hdst. 5 'Kontrastive analyse [analyse] en Frysk taalûnderwiis', s. 43-64; en Breuker, Hiemstra e.o., *Foar de taalspegel. Koart oersjoch fan Hollânske ynslûpsels yn it Frysk*, 1984).